

It is sa'n tafrieltsje dat mannich goedwollende heit de ôfrûne desennia wolris oerkommen is: "Doar ta, it **siicht**." Oft it echt **siigde** is net fan belang, it giet om 'e reaksje fan 'e bern: "Praat net sa nuver. It tocht." In wurd dat foar de iene generaasje by it fokabulêre fan **al den dei** heart, is yn 'e eagen fan 'e folgjende generaasje **âldfrinzich**.

It grut

Frysk Dikttee

Gauris giet dat mank mei in betsjuttingsferskowing. As pake, in kâldenien, it oer **teïich** waar hat, assosjearret syn panikerige pakesizzer dat al gau mei klimaatferoaring. Mooglik sels dat er syn **klaaiïing** dêr fuortendaliks by oanpast. As beppe fan in **huiïch** of in **meepsk smjunte-eintsje** rept, fleane de bernsbern nei de **sinees** foar in pekingein.

It grut

Frysk Dik-tee

As it brûken fan alderhande nijmoadrige wurden de âlderein **yrritearret**, wêrom soe de jongerein dan gjin argewaasje hawwe meie fan wurden as **kealôffearnje**, **riuwestôk** of **risselreauke**? It ferskil is dat it guod dêr't dy âlde wurden nei ferwize net mear brûkt wurdt en dat foar it **ienentweintichste-iuwske** ynstrumintarium domwei gjin Fryske wurden binne.

It grut

Frysk Dikttee

Wurden as **greaubrogge**, **kaardzje** of **riderssigaar** foar de alledeske spraak behâlde wolle is gjin helpensein oan. It wurde museumstikken, krekt as de **artefakten** dêr't se nei ferwize.

It grut
Frysk Dikttee

Alde minsken tinke graach dat eartiids alles better wie, dat in potsje dominyspylje te preferearjen is boppe de kompjûterferzje fan **Mahjong Classic** of **Game of Thrones**, om't it in grutter berop op 'e harsensellen docht; of dat in greidekuier tusken de **tieneblommen**, it **franjekrûd** en it **skieppe-ear** superieur is oan in stedskuier tusken C&A, Douglas en McDonald's, bygelyks om't dat lêste yn striid wêze soe mei de wijing fan 'e snein.

It grut

Frysk Dikttee

It drokst makket de âlde generaasje him faaks om it **fersleiferjen** fan 'e taal en it **grodzemodzjen** fan it Frysk en it Nederlânsk. Pake wol net al te grauwerich oerkomme, mar it leafst soe er de slimste oertrêders mei in wurdboek yn in **penitinsjêre** ynstelling opslute.

It grut
Frysk Dikttee

Och, seit de pessimist, oer hûndert jier binne wurden as **iisklup**, snieblyn, **iiskob** en sniefeie ek ferdwûn en is fan it Frysk allinne noch in eksoatysk 'goeie' oer, spesjaal foar de toerist. De optimist seit: "It Frysk is sa taai as **hjidde**."

It grut
Frysk Dikttee